


't Skieppesturtsje

Doarpskerante fan Tsjerkwert e.o.



34 e jiergong - nûmer 3, oktober 2011



Durk Breeuwsma

loonbedrijf & kraanverhuur



Stekt foar jo de hannen út de mouwen



Meer weten? T 06 53 88 61 49

E info@durkbreeuwsma.nl • **I** www.durkbreeuwsma.nl

Westerskatting 4, 8614 AP Oudega (W)



balen persen en wikkelen • hekkelen • sleepslangbemesten • kraanverhuur
transport met oprijauto • zand-, grond- en grindhandel • grondverzet

GIETEMA

EXMORRA - TJERKWERD

FOURAGE - AGR. WINKEL - TRANSPORT

Tel. 0515 - 576639 - 579156 Fax 0515 - 576644

www.gietemafourage.nl


Er is niets leuker dan een speelse, alerte en actieve hond. Een hond die er bovendien gezond uitziet en een glanzende vacht heeft. Dit soort zaken laat zien dat uw hond in allerlei opzichten goed gezond is. De juiste voeding maakt het gemakkelijker om dit te bereiken.

Daarom adviseren wij DOGGAR HONDENVOER van GARVO



DOGGAR KROKANT	10 kg € 12,50
DOGGAR HE	10 kg € 18,15
DOGGAR PUPPY	10 kg € 19,05
DOGGAR VLEESBROK MET RIJST	10 kg € 16,95

't Skieppesturtsje – 34^e jiergong – nûmer 3, oktober 2011



Redaksje-adres:

**Mireille Galema
Dyksicht 2
8765 LX Tsjerkwert
☎ 0515-579338**

e-mail : mjryedema@hetnet.nl

Redaksje :

**Gerben Wijnja
Sylroede 4
0515-579348**

**Anneke Feenstra
Bolswarderweg 1a
0515-577117**

**Riemkje Lemstra
Sylroede 5
0515-579706**

**Fokko Rollema
Singel 8a
0515-579051**

**Stinsilwurk :
Praktijkschool de Diken, Sneek**

**Foto omslach :
Gerben D. Wijnja**

*'t Skieppesturtsje is de doarpskrante fan
Tsjerkwert en omkriten. Dizze krante
wurd't hûs oan hûs besoarge troch de
redaksje.*

*De krante kin bestean troch frijwillige
bijdragen fan de lêzers.*

Inhoudsopgave

Inhoudsopgave	2
Vrijwillige bijdragen	2
Fan de redaksje	3
Nieuws van stichting It Waltahûs.....	4
Nijs fan Eensgezindheid	5
Dorpsfeest 2011	6
Hinke giet yn 'e VUT nei hast in fearnsieu brêgewipper wêzen	8
Weromblik op de doarpsmusical Us Mem Ria	12
Foto's musical Ús mem Ria.....	13
Foto's Dorpsfeest 2011.....	14
Foto's burendag Sylroede Dyksicht.....	16
Kunstrijk Tjerkwerd dit jaar opnieuw een succes	17
Programma 60+ soos 2011-2012.	18
Stichting Windkracht 10	19
Tjerkwerd is erbij in de Ridderzaal.....	19
Collectes.....	20
Koken met Riemkje	21
Fryske boekewike mei boekegesink fan Hylke Speerstra	22
Burendag Sylroede/ Dyksicht 2011.....	22
Geboren	23
Bedankt	23
Even voorstellen	24
Wat dochsto yn de hjerstfakânsje ?	26
SNYPSNAREN hjerst 2011	27

Vrijwillige bijdragen

Fam. J Postma e.o. Ymswâlde, Fam. W. Poelstra Dedgum, Fam. G. Ouderkerken Tjerkwerd, Th. en S. Wiersma Bolsward, R en G Bakker Tjerkwerd, Fam. Twijnstra-Terpstra Ymswâlde, Mevr. D Bakker-de Jong Arkum, Fam. T. Burghgraef Joustonp, Mevr. K. Talsma-Abma Sneek.

Namens de redactie, heel hartelijk bedankt voor uw bijdrage!

Bijdragen kunnen overgemaakt worden met vermelding "Bijdrage it Skieppesturtsje" en het jaar waar het betrekking op heeft.
Bankrelatie ABN/AMRO bank Bolsward, rekening; 84.76.68.398

Fan de redaksje

Hjir is alwer it lêste Skjippesturtsje fan 2011. Dat klinkt wat mismoadich mar dat wurde je dochs ek wol wat mei dit waar.

Dochs is it sa dat it echt al nei it ein fan dit jier ta giet en guon fan us ynwenners hawwe it dêr al drok mei, mar der kinne jim by de snypsnaren wol fan lêze.

En sa at ik al sei: it waar is net bêst, mar hawar, dat heart by de hjerst. Doch moast de simmer it ek beleie. Lokkich wie er wer fan alles te redden yn us lytse doarpe, sadat wy de fleur d'r mei inoar wat ynhalde koene. It doarpsfeest wie wer prachtich, wat in wille sa mei elkoar! En ek al reinde it sneontemiddeis pipestilen, mei de musikal koene wy allegear droech sitte; nea oan de hân!

De iepening fan de Waltawei wie ek in wite boel, mar nei de tiid kofje mei gebak yn it Waltahûs, wa docht je wat!

Mei Keunstryk Tsjerkwert koene wy lekker op de fyts of rinnende op paad om by eltsenien efkes te sjen. Sa prate je dan ek wer mei eltsenien dy't ek ûnderweis is. Ik stel foar om oar jier gewoan by elk hûs de doar iepen te setten, sa komme je nochris ergens! Hjir is de gjalp: "wat binne wy moai fuort no, en sa tichtby" wol fan tapossing.

Derneist hat dat rare, kâlde waar ek noch wat oars opsmitten: at alles goed is krije wy yn it nije jier wer allegear lytse skjippesturtsjes derby! Dat is nijs wer wy bliid fan wurde.

Sa kin it ek wol wer. Yn dit skjippesturtsje kinne jim wer lêze en sjen wat d'r allegear bart is yn Tsjerkwert en misskien ek wol wat d'r yn de kommende wintermoannen wer te belibjen is.

We moatte der mei-inoar mar wer wat fan meitsje!

A.F.

Wa krijt de Skieppesturt 2011?



Mail jo favoriet nei
ús mail-adres:
mjryedema@hetnet.nl



Nieuws van stichting It Waltahûs

De vakantie zit er weer op en de zomer is weer bijna voorbij. We zijn alweer druk bezig met het nieuwe seizoen en het bestuur wil alvast een tipje van de sluier oplichten over de activiteiten van het komende seizoen.

Een aantal activiteiten is alweer gestart zoals het koor en het korps en spoedig zullen alle andere reguliere activiteiten weer losbarsten zoals de EHBO, Kaart en biljartavond etc.

Naast deze gebruikelijke zaken hebben we al een aantal activiteiten op het programma staan, met datum dus deze kunnen alvast in de agenda genoteerd worden:

21 oktober een kinderfilm om 15 uur en 's avonds om 20.30 een film voor de volwassenen en nadien nog gezellig nazitten.

29 oktober het theaterduo Klûn en Knoffelhakke komt een leuke avond voor ons verzorgen met als thema 'T is Feest!!!'. Dit hilarische duo zorgt altijd en overal voor een gezellige en lachwekkende avond waar het publiek actief mee doet met de show. Kom dus allemaal naar deze niet te missen avond.

26 november de grote kwisavond. Dit wordt een avond waarin de verenigingen van Tjerkwerd tegen elkaar strijden. Iedere vereniging levert zelf 4 kandidaten aan (hoeven niet van bestuur maar mogen ook leden zijn). Deze personen worden adhv vragen getest op hun kennis van sport, cultuur, het dorp, muziek en meer van dit soort zaken. Dit wordt een erg leuke avond dus schrijf alvast in je agenda en meld je aan.

9 december kerststukjes maken

23 december een gezellige avond met muziek. Zo net voor de kerst is iedereen vrij dus het zal lekker druk en gezellig kunnen worden.

7 januari Nieuwjaarsbal. We zijn bezig om de 4B's hiervoor vast te leggen dus belooft weer een mooie avond te worden.

Eind januari de alom geprezen Play back show hoeft geen andere uitleg

Eind februari begin maart voor de vrijwilligers de jaarlijkse Vrijwilligersavond. Over het thema zijn we nog druk aan het brainstormen en verdere details hoort U en kunt U tzt op de M.A.T lezen.

Een nieuwsflits van het Waltahûs: Sommige van jullie zullen al gemerkt hebben dat de prijzen van de consumpties zijn verhoogd. Sinds de invoering van de euro (2002) hebben we altijd de zelfde prijs gehanteerd. Echter wij als stichting kunnen nu helaas niet onder deze prijsstijging uit aangezien de prijzen van de inkoop, diensten (verzekeringen etc) en energie dusdanig gestegen zijn dat de consumptie prijzen te laag waren en er producten onder inkoopsprijs over de bar gingen. Jullie begrijpen dat dan het einde van het Waltahûs in zicht zou kunnen komen en zover willen we het niet laten komen.

Verder als stichting willen we graag weten of er belangstelling is voor een aantal bijspijker- of opfris danslessen. Dit zou dan in januari en februari plaatsvinden en zullen dan 4 lessen worden bij voldoende animo. We zullen binnenkort op het prikbord in het Waltahûs een inschrijfformulier ophangen en bij voldoende belangstelling dan gaan organiseren.

Wij als stichting hopen weer op een gezellig seizoen en jullie weten: zonder jullie komst kunnen wij niets organiseren!

Nijs fan Eensgezindheid

De klanken fan A Brend New Day klinke noch oer it sportfjild nei de musical fan Henk v.d. Zee en no is Eensgezindheid al wer dwaande mei har 90 ste seizoen. Ja wier ien 2012 is it 90 jier lyn dat ús korps oprjochte is. Der leve we no hinne en in jubileum kommisje hâld him der al in skoftke mei dwaande. Op 10 maart 2012 is der in jubileum konsert mei as hichte punt in optreden fan ús grutste Fryske kabaret artyst Rients Gratema. Hoe it programma der presjiis út sjen sil kinne we noch net sizze en witte we ek noch net, mar it wurd hoe dan ek wer in hichte punt.

Eensgezindheid stiet op it stuit ûnder lieding fan Arjen Steur om dat Jeannete Valkema ús feste dirigint in poppe ferwachtet. Hy sil oant de kryst ús dirigearre en der is der betûft genôch foar sa't jim him grif ek al ris by it jeugdkorps ien aksje sjoen hawwe.

In hichte punt is ek altyd ús twa jierlikse Rommelmerk ien de Haarsma Hallen. As jim dit krantsje lêze hat de merke fest al west en binne jim wer fan jim rommel of en ha jo jo hûs wer fol snústerijen of hebbelikheden in moaie dei han en hat it korps wer wat finansjele azem.

Neist it jubileumkonsert ha we noch oare optredens liek as it jierlikse festival fan ús federaasje ien Parregea dit gie altyd út fan de federaasje Wûnseradiel mar is no nei de fúzje fansels ek wat oars fan op set en wa't no nijsgjirrich is kin op sneon 29 oktober nei de Gearhing ien Parregea. Ek noch lekker ticht by.

Nei de fakânsje binne we earst begien mei in gesellige jûn mei ús leden en jammer genôch binne der inkele stoppe troch oare drokte of ferhúzjen mar sitte der ek wer nije talinten oan te kommen dus geane we fol fertrouwen ús 90 ste jubileum temjitte

Dorpsfeest 2011

Het weekend van 15 en 16 juli 2011 beleefde Tjerkwerd wederom een dorpsfeest met een zeer gevarieerd programma. Het thema: "**Proud to be fout**", 70/80-er jaren, gaf een ieder een reden om er gekleurd en relaxed aan deel te nemen

De weergoden op de cruciale momenten ons zeer goed gezind, begon de vrijdag onder begeleiding van korps "Eensgezindheid" een optocht voor de kinderen verkleed in de tijd welke voor hun geschiedenis is. De 1^e prijs werd gewonnen door Stefan en Marije Dijkstra en de 2^e prijs Femke Lemstra

Aangekomen op het sportveld kon men na het nuttigen van een kopje koffie/limonade, meedoen aan het kaatsen voor jong en oud, jeu des boules, volleyballen, bloemschikken of kinder knutselen.

Er werd naar hartenlust gesport en verborgen creativiteit werd een openbaring.

De uitslagen van het volleybal, kaatsen en jeu des boules waren als volgt, **Volleybal;**

1. De Soulsisters (Seakle Zijsling, Anneke Feenstra, Paulus Witteveen en Helena Zijsling)
2. Teuke Teuke (Riemer Haytema, Agatha Witteveen, Ruben vd Zee, Andrea Boersma, Pier Jan Zijsling).



Kaatsen Jeugd; 1. Ilse Galema (koning) en Sjoukje de Jong
2. Harmen Burghgraef en Lucas Dijkstra

Verliezersronde Jeugd; 1. Sigrid de Boer en Jan Jochum de Boer
2. Martin Jan Koster en Femke Tiesma

Kaatsen Volwassenen;

1. Ype Bote Bonnema (koning), Sven Bijlsma en Jentje vd Stap
2. Bert Jan Ouderkerken, Klaas Jan Haytema en Robin Bijlsma

Verliezersronde Volwassenen;

1. Age Gietema jr., Eduard Witteveen, Menno Galama
2. Jan Hessel de Groot, Rowanne Terpstra, Marc de Boer

Jeu des Boules;

1. Dokie Swart en Bertus Rinze Bakker
2. Tetsje Breeuwsma en Maaïke Brandsma
3. Dies Volbeda



In de middag is een delegatie afgereisd per fiets naar Parrega, alwaar de officiële opening van de fietstunnels in de provinciale weg plaatsvond. De achterblijvers konden in de feesttent Bingo spelen.

's Avonds liep de tent al gauw vol voor de quiz "Ik hou van Holland"; hilarische momenten werden beleefd. Vervolgens speelde orkest "Butterfly" het dak eraf en bleef het nog lang gezellig in de feesttent.

Zaterdag moest men weer vroeg uit de veren, buikschuiven stond op het programma, nou dat gaf een pret, op verschillende manieren werd er van de baan gebruik gemaakt, ook hier bleek weer veel creativiteit onder de deelnemers!

Konden de jongste hierna lekker patat eten in de tent, werd er niet veel later een "Captains Diner" aan de ouderen voorgeschoteld.

Snel werd hierna de tent omgetoverd om een groot publiek te ontvangen. De musical ; "Us mem Ria" , vrij vertaald naar "Mamma Mia" werd gespeeld.

Met medewerking van meer dan tachtig personen; het korps, een uit allemaal dorpsbewoners of net omwonenden bestaand koor , een zeer professioneel licht en geluid team, kregen de hoofdrolspelers , ook dorpsbewoners, de kans om de sterren van de hemel te zingen. **En dat gebeurde.. onder de bezielende leiding van Henk van der Zee, welke de musical schreef en regisseerde. Nogmaals bedankt hiervoor!! Het was geweldig!!**

Proficiat voor allen, wat blijkt er een enorme creativiteit, muzikaliteit in Tjerkwerd aanwezig te zijn!

En dat allemaal op geheel vrijwillige basis!

Hierna was er matinee , werd er lekker gedanst. Er heerste een heel fijne sfeer!

Op zondag is het dorpsfeest afgesloten met een tentdienst.

Het was een Superfeest!


Volgend jaar is ons Dorpsfeest op **13 en 14 juli 2012**. (Zet maar vast in de agenda).

Oranjever. Mei inoar ien.

Hinke giet yn 'e VUT nei hast in fearnsieu brêgewipper wêzen

De simmer rint op syn ein, mar it lêste fakânsjewykein spilet foar master op. In skier sintsje skynt oer it doarp en lit de weachjes op it wetter fan de Trekfeart skitterje. De middeis nei iten komt it farferkear goed op 'e gong. En dat betsjut foar ús eigen doarpsbrêgewipper Hinke Brandsma dat it wer drok wurde kin. It is dit jier har lêste seizoen want Hinke giet yn 'e VUT. De minsken fan Empatec sille har wurk dêrnei folslein oernimme. Wy wiene in middei by har op 'e brêge om ien en oar op te tekenjen.

De sinne begjint dy middeis hieltyd fûler te skinen dat it wurdt mar waarm op it terras fan Hinke har karakteristike went oan de Trekfeart tusken Boalsert en Warkum. Of is it om't der folop drokte op it wetter is en de brêge om it huortsje iepen moat? Hinke is fûl op in goede betsjinning, sawol foar de wettersporters as ek foar de minsken op 'e dyk. "Sjoch, dy minsken op it wetter ha fansels fakânsje en de tiid oan harren sels. It folk op 'e dyk moat faak wurkje dat dy jou ik wat mear foarrang no." Sa kenne wy Hinke as doarpsbewenners fansels allegear. Ek al jout it ljocht read, salang de stekken noch net ticht binne, meist fan Hinke der noch troch en sa nedich winkt se freonlik en gastfrij om noch eefkes oer de brêge te gean foardat de skippen der troch kinne. It is sa eigen en fertroud dat men soe nea oars wolle. Mar Hinke, dy't de 25 jier krekt net mear folmakket, berêst der yn. Op 1 novimber is it dien. "Och wy hope noch in skoft sûn te bliuwen, sadat wy mei it kemperke der op út kinne nei Súd Limburch of Lúksemburch. It is wol goed sa."



Hoe't it begûn

It wie july 1987. Foar Marten en Hinke wie in ein kommen oan it kosterwurk yn it grifformearde tsjerkje. Tafallich kaam doe ek it wurk op 'e brêge frij en dat wie in opstekker. Al hielendal om't Marten syn heit en mem it brêgewurk yn it ferline al 21 jier dien hiene. In histoaryske bân waard sa wer yntakt brocht.


It wie yn it heechseizoen drok, altyd fleanen, mar it wurk by hûs fergoede alles. Hinke neamt it "eigen baas wêze" en sa waard sy ek eigen mei doarp en brêge. De gong der yn, dat wie sa'n bytsje in motto fan Hinke en sa kenne wy har ek at sy de brêge draait. Gjin niget dat it folk har nei in wike fakânsje begroetet mei: "Ik bin bliid datst' der wer bist." En soks docht Hinke goed. "Yn it ferline wie it wolris in toer om in frije dei te regeljen. No giet dat folle makliker mei Empatec achter de hân. As ik no frij bin, bin ik dat ek echt en ha ik gjin drokte mei it sykjen fan in ferfanger." Hinke glimket tefreden mar sjocht ek mei wat weemoed foarút: "It kontakt op 'e brêge sil ik anst wol misse!"

Wat hâldt brêgewippen eins yn

It wurk fan brêgewipper is mear as wat minksen der faak fan tinke. It is altyd wach wêze, want it skipkefolk toeteret net mear en blaast ek net mear op 'e hoarn. Allinne de hiele grutte skippen dogge dat noch. Dat betsjut dat de brêgewipper altyd it each op sawol it wetter as de dyk ha moat. De skippers geane der hjoeddedei ek automatysk fan út dat de brêge wol iepen giet en dat is wol ris wat in senuweftich gedoch. Hinke kinne se lykwols net gek meitsje. Dy bliuwt kalm as in pûn moal. Neat gjin kâlde drokte, elkenien krijt wer't er rjocht op hat. As der in boat(sje) yn sicht komt – en dêr hat Hinke frij útsicht foar nedich fanút har hûs – komt se daliks yn tou. De doar fan 't hokje komt fan 't slot, de ljochten op 'e dyk wurde op read set, de boat kriget grien read ljocht, de stekken geane ticht (mei service foar it



doarp en dat net allinne!), de brêge giet iepen, de boat mei trochfarre om't it ljocht op grien kommen is, it klompke oan de angel wurdt behindich en mei ferdrach fanút it iepen finster fan it hokje nei it skip brocht, der komt in euro foar it trochlitten yn, de angel wurdt binnen helle, it jild komt yn it bakje, de trochgong wurdt oantekene, de brêge giet del en ûnderwilens gean de stekken iepen en ta beslút wurde yn it hokje de ljochten wer út dien. En dat wie ek dit jier al hiel faak om oant no ta 6400 skippen troch te litten! "Wy ha dit jier ien dei hân mei boppe de 100 betelle skippen. Yn foargeande jierren wie dat wol oars. It wie dus minder drok as oare jierren," fertelt Hinke.



De praktyk yn byld

Wy ha de fertsjinstlike ynset fan Hinke dy middeis mei eigen eagen bewûndere. In skip is yn oantocht en wol der troch. Mar fanút it doarp komt noch in frachtwein, laden mei trekkers. "Dy moatte der earst noch mar eefkes troch," ferdúdliket Hinke har ôfwachtsjende hâlding mei it tichtdwaan fan de brêgestekken. Mar achter dy frachtwein is yn in omsjoch noch in oare wein en yn 'e bocht fan de Waltawei komt noch wat oan. Dy meie der ek noch wol troch en at dêrachter ek noch in lange troustoet oanriden komt krije ek dy feestgongers frije trochgong troch it read op 'e brêge. En dat is in lange rige. Hinke bliuwt der geduldich ûnder en merkt wol dat it sylskip hieltyd tichter op 'e brêge oanfarren komt. Lang om let geane de stekken ticht, komt it brêgegat iepen en kin der fard wurde. As it klompke útnoegjend troch de loft slingeret, is der in spytgnyskjend ferlechje: "Wy ha gjin jild by ús" en it klompke bliuwt leech. Der komt lykwols noch in skip achteroan en dat betellet sa't it heart. "Och, dy minsken komme wol wer werom hear, want dy kamen fan de kant fan Makkum. Dy krij ik anst wol wer." Hinke wit wat fleis se yn 'e kûp hat en feroaret har der net om. "Jim moasten ek sa lang wachtsje hê!" ropt se mei gefoel foar humor werom.

"Och, wy ha lêsten ek in kursus hân, "omgaan met agressie", want belibbest soms wol wat hear. "De minste skippers binne de eigen Friezen. Ik liet in kear in frachtwein trochgean. It wie krekt ien oere. "Hat dy mear rjochten?" âle de man achter it roer. Lilk wie er. Ik fertelde dat it wurkfolk it wat minder oan tiid hat en dat it boatsjefolk wol wat kalmeroan dwaan kin. "En ik kin moarn wol dea wêze," skreaude er werom. Doe fertelde de frou dat har man hertpasjint wie, dat ik ha mar gau iepen dien, want ik woe gjin drokte ha fansels." It binne samar in pear foarbylden út it wurksume libben fan in brêgewipper. Hinke is ien fan eigen doarp en wy sille har takom jier misse op 'e brêge. Foar alle goede soargen wolle wy har út namme fan alle bewenners tank sizze en wy hope eins dat de mannen fan Empatec dy goede soarch fan har mei goed bestjoer oernimme sille. Hinke, it wie goed. Nee, it wie poerbêst! Gerben D. Wijnja



OPROEP!

Dorpsgenoten,

Als schoonheidsspecialiste in opleiding (2^e jaars) heb ik modellen nodig.
voor o.a.:

- **Nagelstyling**
- **Bovenlip / kin / wenkbrauwen harsen**
- **Wenkbrauwen epileren**
- **Wenkbrauwen en wimpers verven**
- **Massage**

Voor nagelstyling mag ik mijn huiswerk opdracht ook aan huis uitvoeren.

Lijkt het u/je leuk om met me mee te gaan naar Leeuwarden voor een gratis behandeling neem dan contact met mij op.

Hanna Harkema,

06-31098123 of hannaharkema@hotmail.com

Weromblik op de doarpsmusical Us Mem Ria

"Do wolst it leauwe of net. Mar ik ha professjonele musicals sjoen yn Amsterdam en Scheveningen, mar dy steane yn it skaad fan wat ik hjir sjoch. It is sa moai en sa smûk. En it spul hie my yn 'e besnijing. It korps spile ek prachtich en it koar paste der hielendal by. Ja, dy sfear krijst by profesjonele produksjes nea."


Wy hiene dy deis fan it doarpsfeest freonen op besite. Minsken dy't thús binne yn de musical- en shantyrêld. Hja woenen stommegraach sjen hoe't in doarp soks útfiert. Yn de grutte stêden is it allegear 'glamour' en 'sweeslaan' en it moat sein wurde, de kwaliteiten lizze dêr tige heech. Sawol mei it sjongen as it spyljen en de dekors en de klean spylje net swak by en litte oan de ferbylding neat te winskjen oer. Hoe oars soe it yn in doarp wêze dêr't frijwilligers moannen yn't spier binne om soks op 'e planken te bringen!

De tinte wie in gouden greep ek al bylke dy net sa skoan: in echte feesttinte om de doarpshichtepunten fan it jier yn te fieren. Sa'n tinte wurdt fan hot nei her sleept en dan kinst fansels gjin theater a la Carré ferwachtsje. Yn Tsjerkwert wie it reade pluche fertrape gers en doe't Pluvius ek nochris miende dat er meispylje woe, waard it der net better op. Mar krekt dy faktoaren besoargje sa'n feest it kasjet fan in daverjend doarpssúkses. Gjin kaskreaker fansels, want de tagong is fergees en allinne by de útgong kin in frije bydrage yn de gleuf fan in doaze skood wurde. In doarp tinkt net yn termen fan: wat skoot it. Dêr stiet it kollektive fermeits op nûmer ien, it jaan fan in optreden en it krijen fan wurdearring. In tinte fol folk dat nei ôfrin stean giet, in applaus dat pikefel besoarget, de grutskens op de spilers en oare helpers. Sa waard Us Mem Ria dizze simmer in boppeslach dêr't noch lang oer neipraat waard. De foto's sprekke fierder foar himsels.

Gerben D. Wijnja



US MEMRIA DE MUSICAL





PROUD TO BE FOUT

DORPSFEEST 2011



Burendag 2011
Sylroede/Dyksicht

Kunstrijk Tjerkwerd dit jaar opnieuw een succes

“Wat geweldig, waarom is hier niet meer publiciteit aan gegeven”. “Wat is er in zo’n klein dorp veel te zien”. “We hadden hiervoor meer dagen moeten uittrekken”. “Wat een interessante plekken om te exposeren, en zoveel verschillende kunstenaars”. Zie hier enkele reacties van bezoekers van Kunstrijk Tjerkwerd 2011.

Het zal weinig Tjerkwerders ontgaan zijn: op 10 en 11 september jongstleden was er voor de tweede keer ‘Kunstrijk Tjerkwerd’. Na de succesvolle expositie in 2010 in de kerk was een vervolg bijna onontkoombaar. De opzet voor 2011 was wel anders. Niet meer één tentoonstellingslocatie maar meerdere. Niet meer tien dagen, maar twee. En, met een veel kleiner budget. Zestien kunstenaars lieten deze keer producten zien in eigen galerie, -atelier, -werkruimte of andere geschikte plek. Men kon nu veel meer materiaal exposeren. Te zien waren: beelden, schilderijen, tekeningen, keramiek, houtsnijwerk, tegelschilderijen, kalligrafie, foto’s, collages, modellen van trappen, hengels, groendecoraties, etc. Een viertal exposanten toonde werk in het Waltahûs.

De locaties waren prachtig en gevarieerd: het molenhuisje, de ‘molkkelder’ van Jehannes en Sietske Dijkstra (nog net beschikbaar), de ‘skuorre’ van Ulke Wiersma, de werkplaats van Leen Huisman, de Hekserij in ‘it tsjerkje’, Galerie Artisjok in het centrum, galerie Kunstgreep te Baburen, het atelier van Gerrit Wijngaarden en Grietje Huisman, de garage van Paula Velting en de werkruimte van Anne de Vries. Bernhard Algra had zijn werkplaats opengesteld. Letterlijk tot de nok toe gevuld met Brocante.

Het Waltahûs was speciaal ingericht voor werk van Richard Schakel, Yneke de Koe, Sipko van der Vries en Cartouche van Gulp. Achtergrondplaten waren



hiervoor kosteloos geleverd door Van Zuiden en de verlichting door Martin Hylkema.

In het kader van Kunstrijk Tjerkwerd kon men op zondagmiddag in de St. Petruskerk drie concerten bijwonen. Eerst Feike Mulder op gitaar, daarna Frans van der Hauw op orgel en tenslotte het koor 'Schola Cantorum Mistúra' o.l.v. Piet Vessies.

De bezoekersaantallen waren boven verwachting. 140 en 150 personen per locatie in twee dagen waren heel normaal, met uitschieters naar 170 en hoger. Ook het aantal aanwezigen bij de concerten was redelijk tot goed. De sfeer in de kerk was ongedwongen. Bezoekers mochten tijdens het spel van Frans van der Hauw luisteren en kijken op 'de kreake'.

'Kunstrijk Tjerkwerd' is dit jaar in september opnieuw op de kaart gezet. Er komt waarschijnlijk een vervolg. In de huidige vorm niet in 2012 of 2013, maar wellicht in 2014. We hopen u dan opnieuw te verwelkomen.

Voor foto's van 'Kunstrijk Tjerkwerd 2011', gemaakt door Michiel de Jong, verwijzen we u graag naar de website www.Tsjerkwert

Anne de Vries

Mede namens Ada Stel en Thea van Gurp

Programma 60+ soos 2011-2012.

- | | |
|---------|--|
| 12 okt: | Dhr Otto Jongbloed uit Leeuwarden.
"Kom eens even Langs" : een gezellig boeiend en nostalgisch programma. |
| 9 nov: | Remedica Eindhoven. " Een gezonde tweede jeugd". |
| 14 dec: | Kerstfeestviering en Broodmaaltijd. Aanvang 16.00 uur. |
| 11 jan: | Dhr Westerhof uit Joure. " Dia's op reis door West Friesland". |
| 8 febr: | Mevr Leijendekker uit Joure. "Met vrolijke sketskes". |
| 14 mrt: | Twee dames uit Workum maken muziek.
"Kun je zingen, zing dan mee". |
| 11 apr: | Spelmiddag en Bingo. |



De soos wordt gehouden op woensdag middag om 14.00 uur in het Waltahûs. Kosten 4 euro per keer. We hopen er weer een mooi seizoen van te maken, en iedereen weer te verwelkomen.

Vriendelijke groeten van Hinke, Alie en Hinke.

Stichting Windkracht 10

Wynpark Beabuorren BV



De vergadering van Dorpsbelang voor dit jaar nadert weer met rasse schreden. Stichting Windkracht 10 wil ook gaarne dit jaar weer een bedrag kunnen uitkeren aan de diverse gegadigden. De aanvragen hiervoor verwachten wij uiterlijk 20 november 2011 bij onze voorzitter, Jelle Zijsling, Baburen 2, Tjerkwerd.

Voor de goede orde melden wij u nog, dat de aanvragen van vorige jaren, welke niet werden gehonoreerd, niet automatisch weer mee doen. Alleen nieuw ingediende verzoeken doen mee.

Tijdens de komende jaarvergadering van dorpsbelang zullen wij weer de gehonoreerde aanvragen bekend maken.

Namens het bestuur
Stichting Windkracht 10
Jos Falkena

Tjerkwerd is erbij in de Ridderzaal

Gepubliceerd in LC op 20 september 2011

DEN HAAG - De vrijwilligers in Tjerkwerd zijn vandaag goed vertegenwoordigd in Den Haag. Hinke Twijnstra-Terpstra en Akke Gietema-van Wieren, die eerder dit jaar een lintje kregen, maken Prinsjesdag mee vanuit de Ridderzaal.

Zij zijn de hele dag speciale gast van de Eerste Kamer. Elk jaar mag elke provincie twee actieve inwoners belonen door ze als 'ambassadeur' naar Prinsjesdag af te vaardigen. Dit jaar zijn de beide Tjerkwerder dames de gelukkigen.

De dames werden goed in het zonnetje gezet. De dag begon met koffie en een ontmoeting in de statige Eerste Kamer.



Collectes



De actie voor het Astmafonds in het kader van de landelijke inzameling in de week van 8-15 mei heeft in Tjerkwerd een bedrag van € 285,- opgebracht. Akkie, Tetje en Nellie bedanktvoor jullie inzet en een ieder die door een financile bijdrage deze collecte heeft doen slagen
Namens het Astmafonds bedankt! Doetie Bakker



De K.W.F. collecte heeft in de dorpen Parrega-Hieslum-Tjerkwerd-Dedgum totaal € 1221,87 opgebracht.
Alle gevers hartelijk dank!

T. Stremler

Klaverjasvereniging

Better let as net.

Hjir noch in weromsjen op it kaart seizoen. Der wienen 18 leden. Healwei it seizoen kaam Bas derbij. Troch de gleden hie hy in ûngemak han en hie der tiid om te kaarten. Yn it nije seizoen wurd hy lid fan de club.

Nei in seizoen fan 24 kaart jûnen wie de útslach:



1. Douwe/Aukje	4739	11. Wiebren Poelstra	4580
2. Jitte Huitema	4731	12. Jelle Zijsling	4560
3. Gea Galama	4720	13. Yde Schakel	4555
4. Riet Bruinsma	4669	14. Bertus Walsma	4508
5. Dijkstra b.v	4655	15. Betty Jellema	4452
6. Jouke Hettinga	4643	16. Sjoerd Bouma (13 x gekaart)	5006
7. de Boer b.v	4635	17. Radbout Bergsma (10 x gekaart)	4932
8. Fokko Rollema	4615	18. Afke Smid (11 x gekaart)	4744
9. Jelle/Afke	4609	19. Bas Wolfshaar (10 x gekaart)	4702
10. Wieneke Rijksen	4582		

It nije kaart seizoen begjint op 4 oktober.

Nije leden binne wolkom!

Kaartclub Tsjerkwert, Gea, Jouke, Bertus.




Afgelopen zomer ben ik samen met mijn gezin naar Zweden toe geweest op vakantie. We hebben daar prachtig weer gehad en veel dingen ondernomen, waaronder een middag cantharellen zoeken in het bos. We waren met ongeveer 10 mensen van de camping en hebben een hele grote mand vol gevonden, deze op de camping verdeeld en iedereen heeft die avond cantharellen gegeten op verschillende manieren. Wij hebben het met pasta gegeten en dat was heerlijk!! Aangezien de herfst hier al weer zijn intrede doet, heb ik een recept met cantharellen voor jullie. Veel kookplezier!!

PASTA MET CANTHARELLEN EN SAUCIJZEN

Ingrediënten voor 4 personen;

500 gram pasta (spaghetti)
2 sjalotjes
2 teentjes knoflook
300 gram cantharellen
4 saucijzen
peper, zout
250 ml crème fraîche
2 glazen witte wijn
4 eetlepels fijngesneden peterselie



Voorbereiding

Kook de pasta gaar volgens de gebruiksaanwijzing op het pak.

Pel en snipper het sjalotje en de knoflook.

Maak de cantharellen schoon en snij de grote exemplaren eventueel wat kleiner.

Haal het saucijzenvlees uit het vel en snij het in stukjes.

Bereidingswijze

Bak in een droge wok het saucijzenvlees bruin en gaar.

Voeg de knoflook en het sjalotje toe en bak deze even mee.

Doe dan de cantharellen erbij en bak deze ook een paar minuten al omscheppend mee.

Blus af met de witte wijn. Laat even inkoken.

Voeg dan de crème fraîche toe en breng weer aan de kook tot de saus iets dikker wordt.

Roer de gare uitgelekte pasta en de peterselie door de saus.

Maak op smaak met zout en peper.

LEKKER ITE!

Fryske boekewike mei boekegesink fan Hylke Speerstra

It Fryske Boek is troch de fiergeande gearwurking mei Tresoar nije wegen ynslein. Der is hurd wurke oan alternativen foar in pear grutte promoasjes dy't It Fryske Boek sûnt jier en dei selsstannich organisearre. Ien fan de gefolgen is dat de 'eigen' Fryske Boekewiken, dy't sûnt it begjin fan de jierren '90, ein febrewaris / begjin maart, holden waarden, yn 2010 kamen te ferfallen. Dêrfoar yn 't plak is in *Moanne foar it Fryske Boek* kommen.

Op 16 septimber ferskynt De treastfûgel, in novelle fan Hylke Speerstra dy't as Kadoboek Fryske Boekemoanne 2011 it ljocht sjocht. Ien fan de haadfiguren (non-fiksje) is in ald-Tsjerkwerter.... Dat nijs woene wy jim yn elk gefal net ûnthâlde. Wy ha it út 'e earste hân, want Hylke Speerstra hat it ús sels ferteld.

En dan de sneontejûn 8 oktober: yn de Boalsserter Martinitsjerke komt in foarstelling mei it Lemster Manljuskoar, Tsjebbe Hettinga, Freark Sminck en Hylke Speerstra mei ferbinende proazafragminten út 'It liet fan de treastfûgel'. Dit yn it ramt fan de hjirboppe neamde Boekemoanne. Foar wa't it nijsgjirich fynt: net sinne, der hinne en fêstlizze yn ûsboekje of op de kalinder. GDW

Burendag Sylroede/ Dyksicht 2011

In navolging van vorig jaar werd er door de Sylroede/ Dyksicht bewoners in Tjerkwerd weer enthousiast meegedaan aan de Burendag! Zowel groot als klein waren goed vertegenwoordigd. Door het bijzonder mooie weer werd het een heel gezellige middag.

Iedereen kwam in het vorig jaar "opgepimpte" parkje van Tjerkwerd samen onder het genot van koffie, thee, limonade en wat lekkers.

Er konden Oud-Hollandse spelletjes gedaan worden en de jongeren hadden een Panna voetbalkooi tot hun beschikking. Onder leiding van Jildou van stichting Timpaan, jongerenwerk, werd er een lekker balletje geschopt!

Ondertussen werd er een Barbecue klaargezet. Na sport en spel en onder het genot van een frisse en/of een borrel werd er gretig, maar bovenal gezellig samen gegeten!

Door een gift namens het Oranje-fonds in samenwerking met Douwe Egberts, hebben de Sylroede/Dyksicht bewoners een Party-tent voor gezamenlijk gebruik kunnen aanschaffen.

Plannen voor meerdere feestjes werden vlot gemaakt!



Geboren



Bedankt

9 Maaie wie foar ús in ûnferjitlike dei!
Deroan wurken jimme mei.
Ek Ymswâlde wie drok yn it spier
mei ballonnen, flagen en fertier.
Us skiep en Snoepie binne ek net fergetten,
se wiene kreas neist ús delsetten
Mar ek alle oare minsken
mei blommen, presintsjes en de bêste winsken.
De betsjinning wie ek net min,
se diene it ús tige nei de sin.
It wie in fijne dei sa mei elkoar
Tige tank dêr foar!

Sybren en Tine Miedema, Ymswâlde

Even voorstellen

Hallo,

Wij als nieuwe skieppesturtsjes willen ons graag even voorstellen. Als nieuwe bewoners van de Sylroede 20 hebben wij voor het eerst ons eigen huis. Wel hebben we hiervoor al vijf jaar samengewoond in Bolsward.

Wij zijn Jurjen en Margriet Koehoorn. Jurjen is geboren en getogen in Witmarsum en Margriet in Workum. We zijn 28 jaar en komen beide uit een gezin met 2 zonen en 2 dochters. Na het voortgezet onderwijs zijn we op de MBO Friese Poort in Sneek gekomen, waar we elkaar ontmoet hebben. Ondertussen zijn we al meer dan 10 jaar verder en inmiddels ook al bijna een jaar getrouwd.

Jurjen is administrateur, wat inhoudt dat hij de loonadministratie, rapportages, verzekeringen en scholingen regelt. Margriet is onderwijsassistente op de basisschool. Zij geeft de kinderen die dit nodig hebben extra aandacht bij de vakken waar zij moeite mee hebben of wat extra uitdaging bij kunnen gebruiken.

Zo weten jullie al een beetje meer van ons. We komen elkaar vast wel tegen om verder kennis te maken.

Groeten,

Jurjen en Margriet



Wij zijn Bertus Rinse en Wanda Bakker.

Sinds 9 juli wonen we met onze 3 kinderen op Dyksicht 6.

Zoals de meesten van u waarschijnlijk wel zullen weten, woonden wij voorheen in Dedgum.

Na de komst van onze tweeling wilden wij wel graag wat meer ruimte. Zo hebben wij ons over de nieuwbouw in Tjerkwerd laten informeren. En nu wonen wij hier inmiddels alweer ruim 2,5 maand!

Lars wordt in november 7 jaar en is na de grote vakantie in groep 4 terecht gekomen van CBS de Reinbôge. Jesse en Niels is onze tweeling van 3 jaar en zij gaan naar 't Pjuttehonk.

Bertus Rinse en ik (Wanda) zitten beiden bij de muziekvereniging Eensgezindheid. Omdat Bertus Rinse geboren en getogen is in dit gebied, zijn we hier niet helemaal onbekend.

Wij hopen (en verwachten) hier met heel veel plezier te mogen wonen. We zijn in ieder geval door de buurt (Sylroede en Dyksicht) al vriendelijk welkom geheten met een bloemetje. Onze dank hiervoor! Mocht je nieuwsgierig zijn naar ons nieuwe plekje, kom gerust eens langs!

Groetjes Bertus Rinse en Wanda.



Jullie hebben vast wel een maand of twee mensen zien klussen op de Waltaweg 7. Heb je twee mensen gezien wiens kleding steeds meer vervlekkten kreeg? Dat waren wij: Stephan en Annelies Volgers. Gelukkig waren we net op tijd voor de dorpsfeesten klaar: konden we meteen wat Tjerkwerders leren kennen ;-)

Met ons pleegzoontje Kayden zijn we eind oktober vorig jaar vanuit Geldrop (bij Eindhoven) naar Friesland verhuisd. Annelies komt daarvandaan en na meer dan 20 jaar wilde ze graag weer terug. Gelukkig voor haar wilden Stephan en Kayden graag mee! Na 4 maanden bivakkeren in een vakantiehuisje en vervolgens 4 maanden bij de ouders van Annelies, waren we erg blij om hier eindelijk te kunnen gaan wonen!

We hebben in ons leuke huisje nog steeds een vakantiegevoel!

We voelen ons ook erg welkom en zijn heel gastvrij onthaald. Super! Dat voelt anders dan de grote stad Eindhoven, waar Stephan vandaan komt en waar we jaren hebben gewoond...

Stephan heeft een leuke baan in het MCL gekregen, waar hij dialyseverpleegkundige is.

Kayden zal na de herfstvakantie naar school gaan in Tjerkwerd. Lekker klein en dichtbij. Hij heeft er veel zin in, want hij kent er inmiddels al een paar leuke kinderen!

Er valt natuurlijk nog wel meer over ons te vertellen, maar wij zouden zeggen: bel maar eens aan en kom binnen voor een bakje koffie of thee. Je kunt ons natuurlijk ook altijd aanspreken als we met onze hond Lea aan te wandelen zijn. Die herken je zo: ze is een boomertje en lijkt op een zwabber zonder de stok...



Na ongeveer 7 jaar, dat we uit Tjerkwerd zijn vertrokken, zijn we weer terug. We zijn op de Jousterperweg 2 komen wonen. Voor velen beter bekend als de Huitema pleats. Zo hebben we ruimte om het grote materiaal van Reinier zijn bedrijf onderdak te bieden en te genieten van het landelijk uitzicht/ruimte.

Reinier:

Ik ben bij de meeste mensen wel bekend door mijn trekker en tank waarmee ik in de zomer de weilanden mee bemest. En in de herfst maak ik de sloten schoon. In de winter doe ik weer andere werkzaamheden.


Hilda:

Ik werk als persoonlijk begeleider bij de Jp van den Bent stichting. Ik ben werkzaam op een woonlocatie in Balk waar kinderen wonen met een (lichte) verstandelijke beperking met gedragsproblemen.

En de tijd die dan nog over blijft maken we van de pleats ons eigen plekje . We zullen elkaar vast wel eens tegen komen, maar jullie zijn ook van harte welkom op de pleats.

Groeten Reinier van der Steege en Hilda Ettema

Wat dochsto yn de hjerstfakânsje ?



Do komst fansels op woansdei 19 oktober nei it Frysk Berne Spektakel Merakels !

Merakels set op 'e woansdeitemiddei yn 'e hjerstfakânsje de doarren fan MFC 'De Mande' yn Nijlân wiid iepen foar bern fan 4 oant 10 jier. Merakels wurdt holden op **19 oktober fan 13.30 oant 17.00 oere**. De yntree is 6 euro.


Wat gean we dan dwaan ?

Dat fertelle we lekker noch net ! We hâlde it dit jier spannend ! Hâld dêrom de kranten en ús webside yn de gaten...

Merakels is alle jierren wer ien grut bernefeest ! Dit meist net misse ! Kom, sjoch en beleef... It wurdt in monsterachtich leuke middei...

Sjoch foar mear ynfo op www.aaipop.nl en klik op de reinbôge foar Merakels

SNYPSNAREN hjerst 2011



- It wie in simmer fan niks en dy moatte we dan ek mar gau ferjitte. Mar sa mâl at Bernard it docht hoecht it no ek wer net; hy hat syn hiele hûs yn septimber al yn de krystferljochting setten!

- Wiebren soe wolle dat hy de krystbeam al yn syn nije hûs fersiere kin, mar safier is it noch net. Hy hat de bewenners fan de Sylroede dêrom al fersocht om syn hûs mei de "Burendag" mar efkes wat op te pimpen.

- Der is noch wurk genôch by him, want wat hy oan de iene kant opbout waait dy ferrekte hurde wyn oan de oare kant wer yn elkoar.

-Bert Jan hie op syn weromreis út Boalsert op Pinkstermoandei ek lêst fan hurde wyn. Hy waaide samar de sleat yn, sneu no ?

-No, sa sneu wie hy fêst ek net doe't hy noch oan de bar stoanwol hiel sneu wie Bertus. Dy hie mei it matinee fan it doarpsfeest noch gjin drip drank hân en siet doe al yn de ûnderwâl!

-Mei de trekker dan fansels. De beide soannen moasten út de tinte weikomme om heit wer op de kant te heljen.

-Miskien wie it better west at sy ek gelyk Bouwe nei Ymswâlde brocht hienen....no moast Anneke midden yn de nacht wer op paad om him thús te krijen!

-It is mar goed dat Betty nea om Jaap út hoecht, it docht nammentlik bliken dat Betty nea fytst. Eins hoecht dat ek net want Jaap syn auto giet ek nea hurder dan in twatsjiller.

-In twatsjiller is in oar wurd foar fyts. En sa wit Hinke Bouma no ek hoe it hjit as twa froulju fan elkoar hâlde: frisbees!

-En yn de foarige Skieppesturt waard in kontener samar yn jeugdhonk. Mar, tige spitich, dat wurdt him net mear want die kontener is fuort.

-De reisferiening is ek wer in wykein fuort west. Jaap en Fokko wiene ek mei, harren kat mocht salang gewoan yn de wenkeamer bliuwe. Aardich no? De kat fûn fan net, want der wie gjin iten en gjin bak en hy hat dêrom alle gerdinen efkes neisjoen en yn de hoekjes lytse surprises del lein.....

-Tsja, de tiid fan surprises en krystballen komt der wer oan! Wat dat oangiet hat Bernard it noch net sa raar besjoen, dy is alfêst tarêd! Dêrnei duorret it ek net lang mear en binne wy alwer yn 2012....en dan moatte wy wer op siik nei in ynwenner dy't de Skjippepesturt fertsjinnet. Witte jo immen? Lit is ús witte! Ta beslút:

In edel minske tinkt it lêste oan himsels.

(Gerben Rypma 1905).



Kopij foar it nije nûmer
graach foar 9 jannewaris nei:

mjryedema@hetnet.nl

Verwen je voeten, welkom bij de pedicure

Luister naar uw voeten, pijnlijke voeten zijn niet normaal, verdring de pijn aan uw voeten dus niet... maar doe er wat aan!

Voor een afspraak kunt u contact opnemen met:

Richtje Hiemstra-Boersma

Van Panhuysweg 6

8765 LH Tjerkwerd

Telefoon: 0515-577013

Mobiel: 06-23211674

Email: richtjehiemstra@live.nl

ProVOET

Landelijke Organisatie voor de
Voetverzorging / Pedicure

Nu met aantekening diabetische voet, reumatische voet en schimmeldiagnostiek.

de miniatuurschuur

G. Folkertsma

Yrnswâlderleane 3

8765 LT Tjerkwerd

Bruder – Britains – Rolly Toys

– Siku – Universal Hobby's



Iedere werkdag open
van 18.00 – 20.00 uur



Anders even bellen: 0515-575873/ b.g.g. 06-15415142



Miedema Lighting **Besparingstechniek**

Voor al uw energie zuinige verlichting en
installatie aanleg kijk voor meer info:

www.spaarlampen.eu 06-25146668

OPRUIMING BIJ MDT TUIN & PARK

**WIJ RUIMEN OP VANWEGE
NIEUW ASSORTIMENT
KORTINGEN TOT 30%**

DIT GELDT VOOR DE GEHELE VOORRAAD VAN
BOSMAAIERS, MAAIMACHINES, HEGGESCHAREN,
KETTINGZAGEN, HOGEDRUKREINIGERS,
COMPRESSOREN, AANHANGERS, E.D.

TIP:

MELD NU UW MAAIMACHINE AAN VOOR
WINTERONDERHOUD.

WIJ HALEN EN BRENGEN VOOR SLECHTS €15,- IN DE
MAANDEN NOVEMBER EN DECEMBER
(vraag naar de voorwaarden)



MDT
Tuin & Park

Industriepark 13
Bolsward

0515 - 577370

06-46 41 50 80

info@mdtbolsward.nl

www.mdtbolsward.nl

Deze actie geldt niet voor lopende aanbiedingen, onderdelen en reparaties.